

Bewurke tekst útsprutsen yn de mienskiplike Steatekommisje B&M en LL&W op 13 oktober 2010 op it Provinsjehûs troch Tom Dykstra, foarsitter fan de FFU

Wurklistpunt: *Begrutting 2010 fan de Provinsje Fryslân*, mei as ynstek de besuniging op taal en kultuer. En dan konkreet de besuniging op Omrop Fryslân fan 1,1 miljoen euro. Benammen de programma's foar bern komme dan faai te stean (Tomke bygelyks). Oare ynsprekkers by dit punt wiene: Koster, direkteur fan *Omrop Fryslân*; Hoekstra, foarsitter fan de *Feriening Freonen fan Omrop Fryslân*; Van der Woude fan it Frysk Boun om Utens foar de *Ried fan de Fryske Beweging*; Eekma, direkteur *Afûk*.

Foarsitter, achte steateleden, oanwêzigen,

1. Trije kear hat **Europa** (in kommisje fan eksperts) it Ryk op 'e fingers tikke as it giet oer de soarch foar it Frysk (Hânfêst). It desintralisaasje-útstel (Lodders) hat laat ta de ynstelling fan de kommisje Hoekstra mei as taak nei te gean hoe't dy ferskowing fan Ryk nei Provinsje der dan konkreet út sjen kin (foech en ek jild fansels). As de provinsje aanst slim besuniget op it Frysk, dan is dat in ferkeard sinjaal nei it Ryk en ek foar alle aktiviteiten yn ús provinsje (tink bgl. oan it ûnderwiis) om it Frysk takomst te jaan.

2. Wêrom binne de **berneprogramma's fan Omrop Fryslân** wichtich? Yn 'e ôfrûne jierren wie dúdlik dat it ûnderwiis yn it Frysk as fak allinnich te min seadden oan 'e dyk sette. Frysk as fiertaal wie in betingst: de trijetalige skoalle. Dêr sit groei yn, mei fanwegen it Ingelsk, mar as bern, benammen yn 'e gruttere plakken, gjin Frysk om har hinne hearre, dan hoege jo gjin profet te wêzen om te sizzen dat de trijetalige skoalle gjin sukses wurdt wat it Frysk oanbelanget. Bern út Frysktalige húshâldings (neffens de *Taalatlas 2007*: 48%) sille bûtendoar op it Hollânsk oerstappe as de maatskiplike funksje en it foarbyld ûnfoldwaande is. Sy dogge dat ek yn hieltyd mear gefallen.

Der sit groei yn de Frysktalige pjutteboartersplakken: op nei de 100. Mar as Tomke fuort besunige wurdt, dan ûntnimme wy harren prachtich materiaal. En ûnderskat net hoefolle bern oft foar de tv sitte en dan eins allinnich mei it Hollânsk konfrontearre wurde. Dus de Omrop moat in folweardige stjoerder wurde foar bern en ek folwoeksenen. Dat is fan libbensbelang foar Frysktaligen en likegoed foar de net-Frysktaligen.

Ien en oar is allegearre nei te lêzen yn wat ik hjir earder yntrodusearre haw: *In Deltaplan* foar it Frysk mei de wurktitel *In Oanfalsplan Frysk*.

3. Mar der moat **besunige** wurde. Dus der moat keazen wurde. Ik jou twa saken yn it omtinken:

a. Ik haw begrepen dat der mei it projekt *Boppeslach* net trochgongen wurde sil. Dy besuniging fan 1,1 miljoen op Omrop Fryslân soe dan skrast en út Boppeslachjild betelle wurde kinne. Dat jild wurdt ek brûkt foar it bestriden fan 'taalefterstân' (kennis fan /feardichheden yn it Hollânsk). Der is lykwols net in direkt ferbân oan te toanen tusken it Boppeslachjild en minder 'taalefterstân'. Underwiis is nammentlik net de iennige faktor om dêr wat oan te dwaan. Te min heechweardige wurkgelegenheid yn ús provinsje is ek in wichtige oarsaak fanwegen de relaasje opliedingsnivo fan de âlden en it skoalsukses fan de bern. Der soe dan ek kritysker nei it ynsetten fan de Boppeslach-miljoenen sjoen wurde moatte. Troch te ynvestearjen yn in alsidige programmearring fan Omrop Fryslân snijdt it mês lykwols fan twa kanten:

minsken (dus tsjin de brain-drain) en dat hat wer in positive ynfloed de opliedings yn it Frysk (ROC, hegeskoallen, RUG); - en foar de bern - dy binne de takomst foar in libbene taal - is it in needsaak.

b. In oar foarbyld binne de útjeften oan grutte nije diken en de nije spoarline It Hearrenfean – Grins. Hoefolle minsken fan de oare kant fan it Prinses Margrietkanaal soene fan dy trein gebrûk meitsje no't der ek noch sprake is fan krimp fan de befolking? Folle guodkeaper en fleksibeler is it ynsetten fan bussen en it lânskip (ús hin mei de gouden aaien) hoege wy dan net te fernielen. En soe sa'n spoarline in protte **heechweardige** wurkgelegenheid yn Fryslân opsmite? Boppedat kin dat spoar - as de needsaak echt oantoand is - letter ek noch oanlein wurde. Foar de takomst fan it Frysk as libbene taal, is dat 'letter kin it ek noch wol' der net.

4. As lêste: Wêrom soe Ljouwert Kulturele Haadstêd wurde wolle as wy it meast karakteristike kulturele elemint, it Frysk, fertutearzje litte wolle. Of - om it mei de dichter Ed Hoornik te sizzen: "Niet in mijn dorpen, steden en meren ben ik het meest mijzelf, maar in mijn taal, waardoor ik ademhaal."

Jimme wysheid en ferantwurdlikens tawinske!

